[0044]

W U R D B O E K S T U D Z J E S
16. Midfrysk en nijfrysk dial. dòkke (Noardfrysk dôk, dŏk)

Yn in foargeand artikel (yn U.W. jg, II nû. 4 s. 62 ff) hat sprake west fan in wurd foar poppe, dêr't de Westerlauwersk Fryske represintant fan foar it earst opdûkt yn 1677. Yn 'e oarspronklike útjefte fan *It aade Friesche Terp* (útk. to: Leewerden) fine wy op side 16 nammentlik in 17de ieuske etymologije fan de namme Dokkum: In't 248 stichte Ubbe aan de Laawers een sterk kasteel/ 't welck hy Dokkenburg heete: en is zoo veel gezeid als Haavenslot. Want Dokke zeggen de geleerde/ is in oud Duits een haaven. Doch wort ook/ in Friesland ergens in de beteekenis van een kinder/popje gebruikt. De etymologije fan Dokkum giet ús op't stuit net oan*), mar wol de rigel: Doch wort ook/ in Friesland ergens in de beteekenis van een kinder/popje gebruikt. Meije wy dêrút bislute: ek bûten Fryslân? En hwer dan? Dêroer kinne de wurdboeken oer oare talen ús straks wol ynljochtsje. It wurd 'ergens' stroffelje wy oer, hwant wie Fryslân sa great dat de achte skriuwer it gebrûk net neijer lokalisearje koe? Fansels wol, mar hy (nammentlik de Hylper taellearde J. Hilarides) hat licht syn anonymiteit heechhâlde wollen: it wurd *dòkke* is nammers Hylpersk. Spitigernôch lit J. van Leeuwen yn 'e omstavere en kommentariearre 5de printinge (Leeuwarden 1854) dit 'ergens' wei. Mear ha wy oan syn oantekening op s. 328, der't er forwiist nei Kiliaen en de Teuthonista; dêroer dalik mear. J. Dirks sitearret de 5de printinge yn De Navorscher 15 (1865), s. 334, mar net alhiel krekt en dat levert *dokke* in njonkenfoarm *dock* op, sjuch mar: ...*Dokke* zeggen de geleerden is in oud *Duitsch* een haven: *dock* wordt *ensfh.* Yn 't selde nr wurdt reagearre troch in P. Leenderts Th, dat wol in forskriuwing wêze sil

*) sj. dêroer it art. fan P. Sipma, De namme Dokkum, yn it Beaken XVI (1954), s. 125-127, dat de hjir neamde boarnen lykwols net neamt.

foar P. Leendertz Wz., de redakteur fan de Navorscher en wol op s. 334-336. Hy komt skaet fan dokke = poppe op ‘e manljusnamme Dokke. Oer it earste wurd seit er: Of het in Friesland nog in gebruik is, weet ik niet; ik heb het er nooit gehoord. *Kiliaan* geeft het als hoogduitsch op. Daarin echter vergist hij zich. *Dokke* behoort wel degelijk ook tot onze taal, men hoort het nog in Noordholland. Daar is het een zamengevouwene en ineengedraaide dodde stroo, die men bij het maken van een dak bezigt om de openingen tusschen de pannen aan te vullen, Men noemt zulk een voorwerp ook wel *pop*. Waarschijnlijk is dit de oudste beteekenis van *dokke.* De oudste poppen waarmede de kinderen hier te lande zich vermaakten zullen zulke dodden van stroo zijn geweest, waaraan men bij toenemende beschaving langzamerhand eene meer menschelijke gedaante gegeven heeft.’ It is faeks net ûnbilangryk om út Leendertz syn forklearring it wurd *dodde* (Halbertsma hat *dod* i.v. dókje, s. 701) to ûnthâlden foar letter. De beide bitsjuttingen dy’ t er jowt fine wy ek yn de Teuthonista (útj. Verdam) s.v. *docke.* De foarm *dock* dy’t Van Leeuwen dêrút sitearret hat ús net yn ‘e wei west. Kiliaen jowt it wurd *docke* as in germanisme, net it wurd *docken-kraemer* lykwols. Hy hat allinne de bitsjutting poppe. Hwat fierder fan bilang wêze kin is dat wy it wurd *docke/blaederen* by him fine, mei de bitsjutting *petasites.* Noch fan Hilarides, noch fan Dirks of Leendertz en ek net fan de Teuthonista of fan Kiliaen jowt Joast Halbertsma hokfoar sitaet yn syn artikels oer *dókke, dókken dókje* yn syn Lexicon Frisicum (Hagae Comitis 1876). Verwijs en Verdam nimme yn dl 2 fan har Middelned. Wdb. (1889) allikemin notysje fan de hjir neamde wurken, alinnen neame hja ûnder de plantenamme *docke (dock)* Kiliaen syn *docke blaederen.* Fan docke = poppe forwize hja nei *dockenspel* en sizze dêr dat dit *docke* wol ris itselde wêze koe as it tredde lemma *docke/dock* dat yn har wurdboek foar ús fan bilang is en dat ‘klein‘ (… houten) voorwerp’ bitsjut. Hja wize wol op ‘e Heech- en Leechdutske wurdboeken. It WNT III^{II} (1916) giet yn summierens al syn foargongers to boppe: it neamt net iens de Middelleechlânske foarmen by it lemma dok (II). Wol âhd., mhd en ld. Bitsjuttingen: pop, bundel. En dan: Van onbekenden oorsprong, bij ons misschien ontleend aan het ndd. Dêrnei jit: Stroowisch met dichtgebonden kop, waarmede, bij zekere landbouwgebouwen, de openingen tusschen de pannen aangevuld worden. Fan it lêste komt dan jit it tiidwurd *dokken.* Fierders jowt it in effen better artikel fan de plantenamme *dokke.* Yn it Leechlânsk is it wurd, ien- of twasyllabich, femininum, Halb. jowt it as cg.

Us Hollânske leksikologen hiene oars foar hiel hwat West- en Noardgermaenske sibben torjuchte kind by Halbertsma. Dy lokalisearret it wurd yn de bitsjutting pupa infantis yn Hylpen, lykas ek Wal. Dykstra. Oft de útdrukking ‘myn dókke’ (meum dolce capitulum!) wider spried hawn hat, blykt net. Yn’e Rimen en Teltsjes (2de útj. S. 74^{b}) lit Halb. it de Súdhoekster boer Folperda wol brûke en dat sitearret Wal. Dykstra s.v. dòkke yn syn wurdboek, it fordútskjend mei: mijn lieveling. It is - alteas yn de R. T.- net frij fan in amoureuze eftergroun. Tsjin bern sil it ek wol sein wêze. De Warkumers brûke *swiet-doekje,* dolce capitulum, by bern, seit Halb. Wal. Dykstra hat *doekeman* njonken (Halb. syn)

dókkeman, mar localisearret it net. Nei Dykstra binne de wurden út ‘e Fryske wurdboeken fordwoun, útsein yn Van der Kooy syn Hylper wurdlist as dòkke (mei ɔ dus). It folgjende lemma by Halb. is: *dókken*, pl. fasciculi juncorum, qui sicuti straminei domorum rusticorum tecta sub tegulis cooperiunt, ut ventis et pluviis impervia sint. Hic mos adhuc obtinet in Westerwolda, olim pago Frisiæ, nunc Groningensi. Earst ûnder *dókje,* domus rusticæ tectum fasciculis stramineis cooperire, it verbum dus, komt Halb. min of mear ta in syntheze tusken de twa foare neamde lemmata. Lykwols skaet Dykstra, dy’t it Lexicon Frisicum wol ris hwat al to folle neifolge, *dòkke* en *dokken* jit faninoar. *Dòkke* bitsjut neffens de Hylper wurdlist fan T. v.d. Kooy Ds. (1937) noch poppe (s. 60). Halb. wiisde ús nei Grinslân. Ek Ter Laan hat it wurd dok(ke) : Strowis onder iedere dakpan. Hy foeget der oan ta: vroeger (en nog in ‘t Oostfries) betekent *dòk* een pop. En yndied fine wy û.o. de neamde twa bitsjuttingen werom yn Ten Doornkaat Koolman dl I (1879). Om’t de dêr fierder neamde bitsjuttingen ek to praet komme by it Leechdútsk, sille wy se hjir mar net opneame. It hat gjin sin om jin ôf to freegjen oft it wurd yn it Grinslânsk en it Eastfrysk stamt út ‘e Fryske of de Leechdútske wurdskift, om’t wy sjen sille dat it foarkomt oer it hiele Germaenske gebiet. Nijsgjirrich bliuwt yn elts gefal de line Noardhollân’ - Westerlauwersk - Easterlauwersk - East-Fryslân. Nou nei Noard-Fryslân. It dialekt fan ‘e Wiedingharde (P. Jensen) levert op it iensyllabige rutsen *dôk*, fem. yn de bitsjuttingen: Docke, Bund, Tralje an Treppengeländern en (fansels mei in oare (etymologije) Tuchstoff; mar net dúdlik de bitsjutting *poppe.* Wûnderlikerwize mist dan wer it dialekt fan Fear-Omrum (Schmidt-Petersen) de bitsjutting *striewisp.* Ek hjir is it wurd iensyllabich, mar neutrael yn ‘t genus en mei in koart lûd: dŏk, plur. -ən. Bitsjuttingen: Statuette, Puppe- Figur. As dimin. jowt Schmidt-Petersen it ‘Kosewort‘ dōtji, mar ek komt foar dotji, plur. -n, = Liebchen, Kosewort für kleine Mädchen, dicht.: dotj. Outzen, dy’t binammen Eiderstedt en de eilannen fortsjinwurdicht yn syn Glossarium liket algemiener to wêzen s.v. *Dók,* eine Docke, ein kleines Bündchen, z.B. von Zwirn und was man in vielen Sprachen Kord nennt; an einigen Orten auch ein Bündel oder Wisch, als von Stroh, Flachs; anderswo eine Puppe, Püppchen, womit die Kinder spielen. It wurdt tiid, dat wy fierder sjugge as it nou ôfstreupte gebiet. Wy stekke earst dan mar oer nei Ingelân. Yn it *ALDINGELSK* (Holthausen) is bûten de plantenamme *docce* ek *docca* (yn: fingerdocca) to neamen. It lêste is to tankjen oan de krityk fan Otto B. Schluter op Kluge syn etymologysk wurdboek fan it Dútsk yn Zs. f. deutsche Wortforschung 14 (1912 - 13), s. 143 ff. Holthausen slút it oan by Mld. docke, Ahd. tocka, Sweedsk dokka ‘Puppe‘. Lykas Adelung foar it Dútsk (sj. Grimm s.v dockenblätter) hat Schlutter him foar it Aldingelsk ôffrege; Sollte nicht auch ne. *dock* (yn *NED.* en by Weekley in apart lemma)... = ae *docce* (Schl. skriuwt docca) ‘lapatium’ hierher gehören? Die Pflanze könnte ihren Namen von den dicken, fleischigen Blättern erhalten haben. *MIDDELINGELSK* (Stratman & Bradley) hat de plantenamme *docke* en *doc*, *dok* = tail, it lêste forboun mei An. *dockr. NIJINGELSK (NED :* It is Joast Halbertsma dy‘t op syn *dokke*

it Ing. *dock* oanslút. Sûnt him fan de Holl. leksikograven allinne R. K. Kuipers yn syn Geïll. Wdb. der Ned. Taal (1901). It *NED* jowt ûnder *dock* (dok, docke) de forbining mei Nijiislânsk *dockr* short stumpy tail. Frysk (net neijer specificearre) *dok* bundle bunch ball (of twine, straw, etc.), Ld. *dokke* bundle (of straw, thread), skein of yarn, Hd. *docke* bundle, skein, plug, peg. Dock hat de neikommende bitsjuttingen: 1. The solid fleshy part of an animal's tail. 2. a: A piece of leather harness covering the clipped tail of a horse. b: The crupper of a saddle or harness. 3. transf. of human beings: The rump, buttocks: b: The skirts or 'tails' of clothes, 4. The fleshy part of a boar's chine between the middle and the buttock. 5. The poop or stern of a ship. 6 A cut end of anything, e.g. of hair,... a stump; an end cutt off. Now dial. 7. The act of cutting off: amputation. 3, 4, 5 en 7 binne forâldere. It *NED* jowt ek it slangwurd *doxy* = leafke, dat Halb. nêst *doccy* ek al hat. It seit: derivation unknown; perh. like some other terms of rogues' cant, of continental origin; possibly a deriv. of Dock. 3. Mar om't wy hjir ek skoan tinke kinne oan de bitsjutting 'poppe' dy't it Ing. sa net hat, wol Weekley oan op ûntliening út Ld. docke. It is 'archaic slang' seit er en de bitsjutting is beggars' wench. Fan *docket* is de sibskip mei *dock* net wis neffens it *NED.* Niisgjirrich binne de bisibbe foarmen dy't de *NED* by de plantenamme *dock* (docce, dokke, dok, dock) jowt. It ing sels levert jit op *burdock*; bûten de foarmen yn de al neamde talen fine wy hjir noch Alddeensk ådokke, Aldfrânsk doque, doke, docque, Normandysk doque, Keltysk dogha. Nijsgjirrich is ek *dodkin* by Bense, Dict. of the Low-Dutch element, in the English vocabulary 77-78, 623-624 (sj. dêr), dat yn foarming wierskynlik alhiel oerienkomt mei *dokke.* It *MIDDELLEECHDUTSK* (Schiller & Lübben) hat as bitsjuttingen foar docke, f.: 1. Puppe (ek: stiennen byld)... 2. der aufrechtstehende (gedrechselte) Stab in den Treppengeländern ... 3. Strohbündel, welches zwischen die Dachziegel gelegt wird um den Regen abzuhalten. Der binne fierders jit de wurden *dockenspel, dockenspeler* en *dockman;* it lêste slút oan by de bitsjuttingen 1-2 fan *docke* en hat allinne de foarm sahwat gemien mei it Fryske *dokkeman.* It *NIJLEECHDUTSK* (Berghaus) hat al rju spesialisearre bitsjuttingen foar *dokke*, s.: das Deckbund oben auf dem 'Krüüzhaap' (= Ein übers Kreüz gelegter Haufen (von 10) Garben, davon 9 von der 10ten als Dokke gedeckt sind); ein Haufen eingebundener, mit den Ähren nach innen gelegter Garben; ein Bündel schon gehechselten, zum spinnen fertigen Flachses der Spinnrocken selbst.' Fierders: = Puppe (yn 'e bernetael ek: Dokkedei, ek by Halbertsma); boppedat: (wegen der Ähnlichkeit mit einer Puppe) die Strohwische, die Bündchen von Stroh, welche um den Kalk zu sparen, zwischen die Fugen der Dachziegel oder Schindeln gesteckt werden, damit der Regen nicht durchdringe; ek: ein puppenartiger Treppenpfeiler im Geländer; ein kleines zusammengedrehtes Bündchen Seiden-, Baumwollengarn, Zwirn (sj. ek: Dokk); die allgemeine Bedeutung von *Dokk, Dokke* ist eine kurze, dicke Säule, Klotz, Zapfen. Berghaus neamt fierders (dial.) noch de namme Dokke foar in kou en in âld guds en inkelde ôfliedingen en gearstallingen mei dokke = poppe. Under *Dokk* seit B. ek: 'ein Tuch zum

Umschlagen, bei Frauenbekleidung; plur. Dokker (Nordfriesland, Sylt). As wy Boy P. Möller leauwe meije, hat dit wurd lykwols net to dwaen mei dokke, mar wol mei dok. Graff jowt yn diel V, op side 364 ff fan syn wurdboek fan it *ALDHEECHDUTSK* under Tocha, f. allinne de bitsjutting Tocke, Docke. Puppe, *pupa.* Wûnderlikerwize stiet dan foar de earste fan de fjouwer foarkommende foarmen: tocha, tohcha, toccha doccha de ôfkoarting n.s., wylst der in n. pl. tuchun = oscilla opjown wurdt. Oan it boppeneamde lemma giet in crux foarôf: Toch(o). Mei it feit, dat hjir giin bitsjutting fan opjown is sil wol gearhingje dat de skr. him ôffreget, oft er it wurd oanslute moat by Aldn. docka, *spira, linea;* Aldn. dockr, *cauda*; Alding. docce, *lapathum* of Beijersk Dock (sj. Schmeller s. 489), frissel fan side en goud of sulver. Ek it *MIDDELHEECHDUTSK* levert semantysk net folle nijs op. Lexer jowt i.v. *tocke* (dock, docke): puppe der kinder u. im puppenspiel …; junges mädchen, schmeichelwort für ein solches .. ; walzenformiges stützholz, Schwungbaum einer wurfmaschine (ek: tockeler); bündel, büschel. Inkelde ôfliedingen en gearstallingen. Fierders bitsjut *tocke* ek sûch (forl. it Nld). Bitizend kin it wurkje, dat njonken *tocke(n)* ek foarkomt *tacke* (tecke, dacken) foar: decke, bes. strohdecke, matte, dêr't wy earder oan sibskip mei Frysk *tek* as mei Frysk *dokke* tinke. Grimm *(NIJHEECHDUTSK)* forwiist fan it ûnder Ahd. neamde Beijerske *dock* nei bitsjutting 4 fan it wurd *docke* dêr't it ús om giet. Wichtich is ek syn opm. by it demin. *döckchen* = popke: uneigentlich sagt man in Thüringen und Sachsen für ein gebind garn, weil es wie eine puppe aussieht, *ein döckchen garn* en forwiist opnij nei *docke* 4. Poppe, jongfaem en 'ein meist walzenformiges stück, ein klotz, zapfen, eine kleine seule, gewöhnlich von holz' mei alderhande technyske farianten binne de earste trije bitsjuttingen. Bitsjutting 4 is: ein Bündel, etwas zusammengewickeltes, geflochtenes, geschnürtes, daher ein spinnrocken, strang von gesponnenem flachs, wolle, seide. Grimm notearret ek de bitsjutting striewisp ûnder dakpannen (Leechsaksen), de bitsjutting 'Deckbund' (Beijeren, forl. Nld.), de plant colchicum autumnale (of: 'nackte jungfer') en i.v. Dockenblätter de rumex acutus; dy't Adelung oanslút by docke. 4. Ofliedingen ensfh, by de fleet. Forl. ek it Handwb. des deutschen Abergl. s.v. Docke, Doggeli. It *ALDNOARSK* (Heggstad) hat foar *dokka* f. de bitsjuttingen 1. speldokka (stolpe) i vindespel (på skip), 2. dokka, tråddokka. 3. Tilnamn (þórðr d., Sv.). Holthausen jowt yn wurdboek (*ALDWESTNOARDSK*) i.v. dokka, f. (bitsjuttingen: Docke, Puppe) oan, dat it fan Middelleechdútsk *docke* komme soe. Wurden, dy't fierder yn ús forbân goed passe binne by Holthausen: doðr-kvisa, f., doðka, f. 'ein Vogel', vgl. wfläm. *dodder* 'verwirrtes Bündel,' norw. dudra, ne, *dodder,* 'zittern', ne. dia, *dudder* 'verwirren', ae. *dydrian* 'betrügen'.

Yn it *NIJIISLANSK* (Blöndal) fine wy trije foarmen dêr't wy rekken mei hâlde kinne, *dokka* (-u, -ur) f. en Dukke Garn el. Traad; dúkka (-u, -ur) f. = bruða, Dukke; dokkur (-s, -ar) m. kort, stumpet Hale, Blöndal set foar de earste twa in fraechteken. Ek it *FØROYSK* ken it wurd *dukka,* ek al is it net to finen yn Jacobsen-Matras. It *NIJNOARSK*, dat noch al mei staveringsswierrichheden to krijen hawn hat, jowt (Aasen): 1) Dukke, Fed

eller Bundt af Traad, Hamp, Liin og deslige. Sv. docka. 2) Dukke, lidet udklædt Billede til Legetøj. Ogsaa brugt som Kjælenavn. (Oanfolling fan Roos:) Dokka, Benet i hestefoden umiddelbart ovenfor Hovbenet. *ALDSWEEDSK*: It Aldsw. wurdboek jowt i.v. dokka neat nijs forl. by Hellquist (sj. hjirûnder by Etymology). *MIDDEL-SWEEDSK* (Söderwall) hat dokka (dukka), f. mei de bitsjuttingen *docka* en *flicka* as smeknamn. *NIJSWEEDSK*. It Ordbok öfver Svenska spraket wiist ek op it komôf út Dútsklân en hat de neikommende bitsjuttingen: 1) bunt 1. knippa af garn 1. dyl. 2) figur 1 bild som framställer en människogestalt. 3) bildl. om sak 1. abstraktion. 4) bildl. om person. 5) stötredskap. 6) klots, ståndare, tapp. 7) visst rymdmått. 8) puppa. 9) benämning på vissa orter. It hat it ek oer de Germaenske grounfoarm duðkōn dy't Falk en Torp ek hawwe. Fierders rju gearstallingen. Wy stekke oer nei it *DEENSK*. It Ordbog til det ældre Danske sprog, omfiemjende de tiid fan 1300-1700, ûnderskaet Duk, no. halm til at daekke rygningen af et tag under græstorven. Moth. Vistnok en jydsk form for dukke = knippe. Hy forliket mei de Leechdútske foarmen. En: *Dukke,* no. en lille søjle (i et rækværk o. lign.); 50 docker, hver 4 tommer lang (1617), D. Salm. V, 189: dokke på en valsk trappe, clatrum, Moth. Hy wiist hjir op Dútsk docke en it wurd dreyedukke yn 't Alddeensk. De oanfolling op dit wurk levert ûnder dit lemma (= dokke) de útwreiding: i nuv. bet.; (pigebørn gaa om met ducker') …; rulle, knippe. Ek: som kaelenavn; min dukke! Rju gearstallingen. Hie it âlder Nijdeensk jitte *dokke* nêst *dukke*, it *NIJDEENSK* hat allinne de lêste foarm. It Ordbog over det Danske sprog jowt de folgjende bitsjuttingen: 1) menneskelignende figur; i saer: legetøj; 2) om mennesker (a: lille barn, b: pyntet dame); 3) mindre *knippe* ell. *bundt* af halm, hør, garn olgn. 4) kort, lodret stolpe ell. søjle. 5) støttende opstander paa en maskine. 6) flydende fiskeredskab af flæg ell. siv, hvis form minder noget om en legetjøsdukke. Rju gearsettingen. It Noarske *RIKSMÅL* (Knudsen & Sommerfelt') hat *dokke*, -en, -r en seit dêrfan. 1) dial., (til dels) fam., dukke. 2) fag. maskindel som tjener til stötte for andre maskindeler, opstander (særd. på dreierbenk). It hat ek de foarm *dukke,* -en, -r (jvf. *dokke),* better net to witten útsprutsen dykə, mei as bitsjuttingen 1) leketöisfigur (særl. for småpiker) som forestiller et menneske (oftest marionettfigur). 2) liten avpasset bunt av garn silketråd ell. lign. 3) fag. = dokke.

BISLUT. As wy it boppejowne materiael oersjogge, bliuwe wy mei gâns fragen sitten, sa byg. hjirmei, oft wy de plantenamme oanslute meije by ús *dokke.* Schlutter frege it him ôf foar it Aldingelsk. Kluge & Götze namen Adelung syn syntheze foar it Dútsk net oer. Pokorny liet spitigernôch alles oer *dokke* wei yn syn Idg. Et. Wtb (1949). De wearde foar ús fan de plantenamme yn net-Germaenske talen lykas yn it Aldfrânsk doque docque (Müller, Et. Wtb. der engl. Spr. I, 1878[2], i.v. *dock* 1) en it Keltysk dogha *(NED* i.v. dock, docke ensfh.) en docken, doken (Müller, l.c) wurdt út de dêroer riedplachte wurdboeken net dúdlik, m.o.w. it is net wis oft dit bûten Germaenske farianten fan de Germaenske plantenamme *dokke* binne of ûntlieningen dêroan. Nou is it foar it Frysk fansels sà wichtich net om't wy de namme dêr net hawwe. Ek as wy

ús biheine ta dokke = poppe, striewisp, kloske ensfh. bliuwe der fraechstikken genôch oer. Yn ‘e Skandinavyske spraken soe it út it Middelleechdútsk komme neffens Holthausen syn wurdboek fan it Aldwestnoardsk i.v. dokke. Der wolle Falk en Torp i. v. dukke ek op oan. Ek Hellquist (i.v. docka) stelt komôf út it Ld. as mogelikheit. Foar de Westgermaenske talen is dat allinne foar it Leechlânsk ûndersteld. Hoe sit it mei it Frysk?

Fan de boppe-oanhelle Westerlauwersk Fryske foarmen binne *dokke* en *swietdoekje* allinne folslein lokalisearre, nml. resp. to Hylpen en to Warkum. De oare foarmen sille op syn romst SWHoeksk wêze of west hawwe. Dat Halbertsma it wurd *dòkke* yn ‘e Rimen en Teltsjes brûke lit troch in Súdhoekster, kin ek komme om’t er tige pleatslike wurden, dy’t him echt-Frysk foarkamen, dêrtroch foralgemienje woe. Hoe nou de foarmen mei [ɔ] en mei [u] byinoar to krijen? Wy kinne konstatearje, dat yn it Hylper dialekt hjoeddedei [ɔ]-foarmen foarkomme, dy’t âldtiids sûnder mis in [o] of sels in [u] hawn hawwe, lykas byg. (bɔlə), bolle en licht ek (ɔksə), okse[1]). *Dokke,* dat weromgiet op **dudkon* (Falk & Torp i.v. dukke, Ordb. öfver Sv. spr. i.v. docka; sj. ek Walde-Pokorny I, s. 839), rekket dêrmei yn ‘e famylje fan de Ydg. woartel **dheu-* (WP I 835) en dy forlange ta **dheu-dh* (WP I 839) haldt safolle yn as ‘durcheinander-wirbeln, schütteln, verwirren, auch von heraushängenden Fransen, verwirrten Fadenknäueln, im Germ. von knäuelartigem, buscheligem, geballtem überhaupt und in noch weiter abliegenden Bedeutungsentwicklungen.‘ De Germ. foarm fan ‘e woartel-sûnder-útwreiding is **dud,* yn it Aldfrysk fortsjintwurdige troch *dud,* Betäubung, forl. Nijfrysk *dodde, dodzje.* Falk en Torp sizze dan ek fan *dukke:* ‘Die bedeutungsentwicklung ist verwirrtes knäuel > umwickelter zapfen‘ mit den daraus folgenden spezialisierungen: vgl. frz. poupée ‘puppe, flachsbündel‘; forl. ek de foarming fan slav. čača, boartersding, sj. foaral ek Boekenooge yn De Navorscher 1880, s. 658-663. Yn *doekeman* en swiet*doekje* soe dus de [u] stean bleaun wêze moatte. Binne it ûntlieningen, dan kinne hja allinne út it Deensk komme[2]) fanwege dy [u] of it moatte reynterpretaesjes mei *doek* (yn *doeke*man ek mei de namme Doeke) wêze en dan kinne hja ek, hwat mei de Hylper foarm wierskynliker is, út it Leechdútsk of Heechdútsk kommen wêze, ek al sil de kâns yn dy talen op in [ɔ] wol greater west hawwe as op in [o]. Bliuwt oer de mooglikheit dat de doekfoarmen net iens reynterpretaesjes binne fan *doek* mar directe ôfliedingen dêrfan. Weromkommende op de foarm dòkke moat sein wurde, dat wurd en saek gjin ûntinkbere ympoartartikels binne yn in handeldriuwende krite as de SW-hoeke by âlds. Hwant wol moatte wy, sa net etymologysk, dan dochs yn ‘e kwesje fan ûntliening dokke = poppe en dokke = striewisp ensfh. skiede. Dêrom hoege Leendertz syn Noardhollansk wurd *dokke* en Halbertsma en Dykstra har Westerl. Fryske wurden *dokken* en *dokje* ek neat to bitsjutten foar de autochthoanens fan Hilarides syn dokke = kinderpopje.

Grins, 17-VI-‘54. *Teake Hoekema.*

1) B. de Boer, Stud. o. h. dialect v. Hindeloopen (diss. 1950), s.21.
2) Neffens Van der Kooy s. 77 hie it Hylper dialekt ek it Deenske wurd Froo-kost (1679) .